


WURDEN
FAN
TIMO



HANTLIEDING

ANTWURDEN





Dosintehantlieding

Wat moai dat jim skoalle meidocht oan 'Wurden fan Timo', it nijste LêsNo projekt foar it skoaljier 2020/2021. It boek is skreaun troch skriuwster Tialda Hooegeveen. Der dogge mear as 4000 learlingen út hiel Fryslân mei oan dizze edysje. In prachtich oantal en wy wolle jimme as dosinten tige tank sizze dat jim wer sa entûsjast binne.

Wêr bestiet it projekt út?

- It boek
- In audioferzy, te finen op lesno.frl of fia Searje 36
- Lesmateriaal besteande út fragen by it boek en 6 grutte opdrachten
- De titelsong 'Yn dyn ljocht', in Fryske oersetting fan 'In your light' fan Jon Allen
- It projekt hat in link mei SjONG, de Fryske Voice foar jongerein tusken 12 en 18 jier, www.sjong.frl
- Webside www.lesno.frl

Ynformaasje en tips

- Lês it boek earst sels, nim dêr alle tiid foar, lit it ferhaal op dy ynwurkje. Miskien wolst tagelyk ek de audioferzy meirinne litte.
- Nim de opdrachten troch. De struktuer is frij helder: it projekt bestiet út 6 lessen en kin dus oer 6 wiken ferdield wurde. Jim kinne de learlingen alle wiken (thús of op skoalle) in part lêze of meitsje litte.
- Neist de fragen by it boek, binne der 6 grutte opdrachten. Learlingen wurkje gear, wikselje út, geane aktyf oan 'e slach mei bygelyks poëzy en sjongteksten. Jim binne frij om te kiezen wat jim dogge: alle opdrachten of in pear? It is jim projekt, meitsje it op maat foar jim klassen.
- It ferhaal giet oer in famke dy't har broer ferliest oan in ûngelok. Gjin lichte tematyk. As der learlingen yn jim klasse sitte dy't sels ek in belangryk persoan ferlern hawwe, advisearje wy jim om dizze learlingen yn it foar yn te ljochtsjen. Hâld bygelyks in foarpetear, bepraat de tematyk, oerlangje alfêst it boek, jou de learling de romte om dy witte te litten hoe't hy/sy hjir yn stiet. Komt it te tichtby? Pubers bliuwe it leafst safolle mooglik út de spotlight yn dit soort situaasjes, mar fine it wierskynlik ek hiel fijn dat der yndirekt dochs oandacht oan skonken wurdt. It boek kin treastend wêze, om't learlingen dy't soks meimeitsje harren faak iensum fiele. Miskien is it ferstannich om noch in mail (of telefoantsje) oan âlden/fersoargers te stjoeren. Bring it yn alle gefallen net ûnferwachts, mar riedt de learling ta op wat komme sil en jou in frije kar yn wat hy/sy wol of net wol.
- Alle materialen dy't los oanbean wurde, lykas filmkes en lieten binne te finen op www.lesno.frl. Dat stiet ek altyd by de oanbelangjende opdrachten.
- Genietsje fan de lessen! Wy hoopje dat jim in moaie, bysûndere, kreative perioade belibje mei jim klassen.
- Oan 'e ein stjoere wy jim as dosinten in einevaluasje. Wy soene it tige op priis stelle as jim en jim learlingen dy ynfolje, sa kinne wy jim feedback ferwurkje yn de kommende LêsNo-edysjes.

Lês
NO:

